



Feestlike Akademydei, freed 13 septimber 2024

Tusken de iuwenâlde beammen en gebouwen, yn de histoaryske binnentún fan it Coulonhûs, wolle wy graach it 85ste jubileumjier fan de Fryske Akademy feestlik ôfslute.

Op freed 13 septimber binne jo de hiele dei wolkom om mei ús te iten, te proasten en te praten, mar ek om te harkjen nei nijsgjirrige sprekkers en yn 'e kunde te kommen mei ús wittenskiplik wurk.

Programma:

Mei moarns û.o. de ledebeneaming, paneldiskusjes, de kommissaris fan de Kening dhr. Brok, de presintaasje fan de nije hússtyl en lunch. En mei middeis û.o. de útrikking fan de skripsjepriis, paneldiskusjes, boargemaster Buma fan Ljouwert, in lytse kroechkwis, en in buorrel mei muzyk fan Hot & Toasty.

Der binne noch in pear plakjes frij. Oanmelde is needsaaklik. [Dat kin fia dizze link](#) oant en mei 1 septimber 2024 of salang't der plak is. (NL/Eng)

Fakatuere




Stazjêr foar it Erasmus+ WikiWomen-projekt

Yn de twadde helte fan 2024 biede wy in betelle staazjeplak foar in staazjeperioade fan 2 -3 moanne. Reagearje kin oant 1 septimber.

[Mear ynformaasje is hjir te finen.](#)

Tip!

Ekskurzje Genealogysk Wurkferbân



It Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy organisearret organisearret dit neijier, yn gearwurking mei de NGV ôfdieling Fryslân, in ekskurzje nei Kultuer Histoarysk Sintrum De Tiid yn Boalsert. Op it programma stiet in ynformative presintaasje fan it Gemeenteargyf Súdwest-Fryslân ûnder lieding fan argivaris Jack de Vries en in besite oan it Museum De Tiid.

Tegeltable ierdewurkfabryk. Foto: Kolleksje Bouwe van der Meulen.

Yn ien fan de markantste histoaryske monuminten fan Fryslân is sûnt septimber 2021 it Cultuur Historisch Centrum De Tiid fêstige. luwenlang tsjinne dit pân yn it sintrum fan Boalsert, dat klear kaam yn 1617, as stedhûs. No omfettet it in biblioteek, it gemeenteloket en gemeenteargyf, it Museum De Tiid mei winkel, in VVV-ynformaasjepunt, in auditorium, trouseal, fergaderromten en in hoareka-gelegenheid.


It Gemeenteargyf Súdwest-Fryslân sammelet en bewarret argiven, kranten en foto's fan de eardere gemeenten fan Súdwest-Fryslân en buorgemeente De Fryske Marren en binne ynwenners. Mar ek hûnderten argiven fan allerhande ferieningen, bedriuwen, tsjerken en skoallen. Jo fine der bygelyks in komplette searje orizjinele Ljouwerter Couranten fan 1752 ôf. Mei-inoar sa 'n acht kilometer argyfsticken mei rûchwei 80 oant 100 miljoen dokuminten. Argivaris Jack de Vries sil útinnoarsette wat dêrfan digitaal of net-digitaal tagonklik makke is of noch makke wurde sil.

Yn ferbân mei opjefte fan it tal dielnimmers is oanmelde nedich. Dielname is fergees; de NGV betellet foar de gelegenheid kofje en de tagongspriis fan it museum.

Sneon 7 septimber fan 13.30 - 16.00 oere yn Boalsert.

Oanmelde: by de sekretaris fan de NGV ôfdieling Fryslân fia de mail op secretaris-FRL@NGV.nl, uterlik 31 augustus 2024.

Publikaasjes



Robinson-Jones, C., Scarse, Y. & Duarte, J. D. S. (2024)

Can Frisian Cure? The Role of Frisian Language Policy and Education in Migrant Healthcare Professionals' Integration in Fryslân

Minority Language Learning for Adult Migrants in Europe. Simpson, J. & Pöyhönen, S. (eds.). 1st ed. **Routledge**, (Routledge Critical Studies in Multilingualism).



Nijdam, J. A. (2024)

Midsiuwsk en Modern Muontsewurk. In edysje fan it Alfryske hânskrikt Jurispruëntia Frisca


Yn: *Frisistyk*. Online tydskrift foar taal- en letterkunde.



Voeten, C. (2024)

Individuele verschillen in de fonologisering van taalverandering

Yn: *Nederlandse Taalkunde*. 29, 1, p. 4-32



Jonkman, R. J. (2024)

Op syn Iermodern-Frysk

Yn: *Frisistyk*. Online tydskrift foar taal- en letterkunde.



Pinget, A-F. (2024)

Nieuwe pistes om de raadsels van het klankveranderingsproces op te lossen


Yn: *Nederlandse Taalkunde*. 29, 1, p. 33-42



Voeten, C., (2024)

[Bespreeking van: Laura Smorenborg (2023). Hello, who is this? The relationship between linguistic and speaker-dependent information in the acoustics of consonants. (Amsterdam, LOT; ISBN 9789460934322)]

Yn: *Nederlandse Taalkunde*. 29, 1, p. 141-145



Versloot, A. P. (2024)

[Review of: Livia Kaiser, Runes Across the North Sea from the Migration Period and Beyond. An Annotated Edition of the Old Frisian Runic Corpus, (De Gruyter, 2021, ISBN 783110723281)]

Yn: *Us Wurk*. Tydskrift foar frisistyk. 73, 1, p. 84-93



Kircher, R. (2024)

[Review of "Transmitting Minority Languages: Complementary Reversing Language Shift Strategies" by Michael Hornsby and Wilson McLeod (eds) (2022)]

Yn: *Sociolinguistic Studies*. 18, 1-2

Mear publikaasjes

FA yn de media

- Hoe een Amsterdamse koopman flink geld dacht te verdienen in de Friese polder (LC)
- De bloeiende jaren van het Friese boekbedrijf: het verhaal van Kamminga en Laveruw (Friesch Dagblad)
- Nieuw onderzoek bevestigd: Friezen zijn thuis vaker Fries gaan spreken (LC)
- Winstgevend worden Friese boeken nooit, zagen de uitgevers. Toch lieten ze de literatuur bloeien. Waarom? (LC)
- Na lancering gestrand: het Fries Biografie Instituut dat er nooit kwam (Friesch Dagblad)
- Dam Jaarsma Keamer in Spitkeet officieel open (LC)
- Skriuwershúske yn Holwert; no noch Fryske inisjativen | Kollum - Friesch Dagblad

Aginda

29-30 augustus 2024, Grins

13e Ynternasjonale Konferinsje oer Treddetaalwinning en Meartaligens (IAM L3)

Fryske Akademy/Mercator stipet dizze konferinsje, organisearre troch UMCG/Ryksuniversiteit Grins.

7 septimber 2024, Boalsert

Ekskurzje Genealogysk Wurkferban/NVG Fryslân

7 septimber 2024, Hegebeintum

Ekskurzje Argeologysk Wurkferban.

13 septimber 2024, Binnentún Fryske Akademy, Ljouwert

Akademydei 2024

De Fryske Akademy nûget alle leden, stipers en relaasjes fan herte út ta it bywenjen fan de jierlikse Akademydei, de ôfslúting fan ús jubileumjier!

25 -27 septimber 2024, Waterford City, Ierlân

WikiWomen projektpresintaasje, Celtic Knot Wikimedia Language Conference

1 oktober 2024, Ljouwert

OWL+ 4th Multiplier Event. Organisaasje Fryske Akademy/Mercator

5 oktober 2024, Hylpen

Ledegearkomste Wurkgroep Maritime Skiednis

5 oktober 2024, Ferskate lokaasjes Ljouwert

Wykein fan de Wittenskip

25 oktober 2024, Fryske Akademy, Ljouwert

13e Dei fan de Fryske Taalkunde

Organisearre troch de Fryske Akademy

7 november 2024, Ljouwert

Mercator International Conference 2024


18 novimber 2024, Ljouwert 18 novimber 2024, Ljouwert

WikiWomen WikiThon

22 novimber 2024, Ljouwert en Op 'e Jouwer

Akademylêzingen seizoen 2024-2025

Kontakt



Fryske Akademy

Besikersadres: Doelestrjitte 8, 8911 DX Ljouwert

Postadres: Postbus 54, 8900 AB Ljouwert

Telefoan (resepsje): 058 - 213 14 14

E-mail



Website



LinkedIn



Facebook



Twitter



Instagram

Dizze njbsbrief is in digitale oanfolling op ús ledeblêd Ut de Smidte. Rûn 17 septimber ferskynt der wer in nije edysje.

Binne jo al stiper fan de Fryske Akademy?

In reaksje op dizze njbsbrief kinne jo stjoere nei de redaksje.

Oanmelde kin hjir.

Dizze e-mail is ferstjoerd oan {{email}}.

Wolle jo gjin njbsbrief mear útsjen, dan kinne jo josels hjir ôfmelde.

Jo kinne ek jo gegevens ynsjen en feroarje.

Foar in goede ûntfangst foegje jo njbsbrief@fryske-akademy.nl ta oan jo adresboek.